

# Johan Jansen wie ien slach fan it klaverke-fjouwer ôf

Doe't Johan Jansen op 16 maaie 1931 oan de Admiraal Stellingwerfstrjitte yn de wyk Almenum berne waard, hearde dy útbuorren noch by de gemeente Barradeel. Heit Paulus moast op it fytske nei Seisbierrum om him oan te jaan. Net folle letter foel Almenum ûnder Harns. Miskien is dat de reden dat Jansen nei gedrach en timperamint oars wie as de Harnzers fan syn tiid.



Johan Jansen yn uterste konsintraasje. Plak en datum ûnbekend. Foto: Famylje Jansen.

De havenstêd wie yn de jierren tritich ryk befolke mei keatsers. It wie de tiid fan sokken as Hans Knol, Klaas de Jager, Hampie Bogaard, Jan van Dijk en Feite de Jager, mei op de eftergrûn de fiskkarre oan de Zuiderhaven fan Ids Roukema. 'Wie hoort in zijn gedachten niet meer zijn rollende lach en zijn kwinkslagen,' sa skreau in al te mankelike Roersma. Neist niget oan it spultsje, wiene ferfeling en earmoede yn de minne jierren tritich de redenen dat sa'n protte Harnzers begûnen te keatsen.

## In sike heit

It keatsen yn Harns hie in tradysje fan humor en teater. Keatsen op strjitte makke de Harnzers yn it tuskenspul ornaris better as oare keatsers. Johan wie ienichst bern, mar de earmoede gie ek syn âldershûs net foarby. Der moast brea op de planke komme en dat wie de reden dat er sels net folle sjoen hat fan de matadoaren fan syn tiid. Heit Paulus ferhuze yn 1936 mei de húshâlding nei Dokkum, dêr't er parkwachter/túnman waard yn it Bonifatiuspark by de RK-parochy.

Ek yn Dokkum wie gjin gebrek oan grutte keatsers dêr't Johan him oan spegelje koe: Germ Koster, Ids Jousma en de Kooistra's, om mar in hantsjefol te neamen. Paulus Jansen wie ek sljocht nei keatsen, mar it needlot gunde him net in lang libben. Doe't Johan njoggen wie, waard syn heit siik en dat soe njoggen jier duorje. Op syn njoggentjinde jier hied er gjin heit mear.

Dy sykte wie de reden dat it gesin Jansen yn 1943 nei Harns weromgie. De soan folge op de ambachtskoalle in oplieding as masinebankwurker. Op syn sechtjinde wied er al oan it wurk, want der moast jild op it kleed komme.

Paulus hat der fan dreamd dat syn soan yn it grutte spul komme soe. 'In herinnering komt mij de jaren 1943-1944. Je vader sprak veel over het kaatsen. Als jij met de jongens aan de Bronlaan aan het kaatsen waren, dan zei je vader "Johan heeft een goede slag." Inwennig hoopte hij dat je nog eens een eerste klasser zou worden', sa fertelde in Dokkumer yn in brief dy't rjochte wie oan 'Joh. Jansen PC Koning 1958 te Harlingen'.

## Dy iene slach op de Freule

Dochs hat syn heit wol wat sjoen fan de talinten fan Johan. By de jonges keatste er mei Sietze Zeylmaker en Piet Spoelstra. Trije kear soed er op de Freule keatse en yn 1947 like er noch ien slach fan it klokje ôf te wêzen en, efterôf sprutsen, fan it klaverke fjouwer. Wytmarsum stie oan de oare kant, mei de soan fan Taede Zijlstra, Eli, as de grutte man fan dat partoer. Op 5-5 en 6-6 gie Harns nei de krite, mei in keats by de boppe. De strûper oer de foarline sûnder stuit fan Eli makke dat foarynse Johan útrôp fan 'foar', mar karmaster Klaas Falkena miende wol better te witten. 'Dat het mij ut 'klavertje vier' kost', sa sei Johan Jansen letter.

## Harns: in hânfol knappe keatsers

Yn Harns foel it yn de jierren fyftich net ta om út te kommen foar KV Eendracht. Net allinne de konkurinsje wie grut, Johan moast yn it foarperk de striid oangean mei Sikke Olivier en dat wie doe in grutte namme. Wol joech er yn 1950 en 1951 syn fisisite-kaartsje ôf mei twa kear winst op de Jong Nederland-partij. Doe't Frâns Helfrich it lêste jiers nei Ljouwert gie, like de wei frij foar Johan Jansen, al moast er wol efterynse wurde. It Harnzer partoer helle op de Bond fan 1952 de finale, mar ferlear fan Ljouwert, mei Jan Rodenhuis, Appie Veldkamp en Frâns Helfrich. Doe't er fan 1952 ôf ek fierder prizen begûn te winnen yn it grutte spul, like neat in plakje by Hotze Schuil yn it partoer yn de wei te stean. Mar KV Eendracht wie yn dy jierren fyftich in ferhaal apart neffens Jan Rodenhuis. 'Bij de definitieve keuzebepaling moest men terdege rekening houden met clanvorming rond spelers en met het vetorecht dat een enkele speler zich meende te moeten toemeten. Hoewel in 1955 en 1956 met 29 en 37 punten in het jaarklassement zijn kandidatuur duidelijk werd onderstreept, werd hij gepasseerd voor de 'Eendracht' vertegenwoordiging.'

Tsjinstuiten by de keatsklub, wylst er yn 1956 syn earste PC wûn mei Marten van der Leest en Arp Hiemstra. Jan Rodenhuis hat ek dêr wol in ferklearing: 'Of speelde zijn karakter hem parten? Johan Jansen was, anders dan de meeste Harlinger sportbroeders, rustig en beheerst. Wars van elke intrige, hij zou nooit opvallen door luidruchtig commentaar en



Winnend trio op de PC fan 1956. Flnr: Johan Jansen, Arp Hiemstra (kening) en Marten van der Leest. Op de twadde rige de winners fan de twadde priis. Under de jas: Rinnie Kuiper en Hotze Schuil, dêrneist Albert Veldkamp. Foto S. Andringa.

een opzichtige plaats in het licht van de schijnwerpers werd niet geambieerd.' Hy moast oant 1958 wachtsje ear't er de Bond winne soe, mei Hotze Schuil en Piet Schuil. Dêrnei waard de Bond in 'successtory', mei Johan Halbesma yn it efterperk: earste yn 1961, 1965 en 1966. Doch heakke it wolris tusken de opslagger en de foarynse. Johan Jansen wie in prinsipeel man, dy't libbe foar syn sporten - fuotbaljen die er noch leaver as keatsen. Dat botste soms mei de libbenswize

fan Hotze Schuil, dy't fan 1960 ôf it sicht betiden per omloop wat bystelde bûten it keatsfjild om.

Mannen as Jan Rodenhuis en Johan Jansen hearden net ta de 'fanklub' fan De Lange fan Harns. Johan Halbesma wit noch dat as se foar Harns it fjild op kamen, Johan Jansen tsjin him sei: 'Hy het weer un paar had, ik rúk 't hier weg wel.' De beide Johannen ha altiten it belang fan KV Eendracht foaropsteld,

mar ien ding koene se betiden net litte. Hotze hie, foaral letter yn syn karriêre, steefêst de gewoante om by in bal dy't yn it tuskenspul foar him wat oan de hege kant wie, te roppen fan 'Johan', dy't dan fan de boppe ôf komme moast, ek al wie de bal foar de opslagger sels. 'Staanblieve', hiene de beide mannen yn sa'n situaasje ôfsprutsen en sa stie Hotze der moai op.

Der wiene mar in bytsje keatsers dy't by it ruijlen fan krite nei opslach de want net út hoegden. Johan Jansen fan Harns wie sa'n keatser, net om op te fallen, want dêr wied er de man net nei. Johan sloech mei links út en hie in 'rjochtse' twadde opslach, sûnderdat der oars echt gong yn siet. Foaryn makke er syn plak mear as skjîn. 'Johan op it lyntsje en de achterynse stikken', sei ien ris dy't net ta de fanklub hearde. Sa wie it fansels net hielendal, de foarynse wie sa goed dat de man efter him alle ballen op de bealch krige.

#### Kommentaar op koets en kening

De grutte jierren fan Johan Jansen begûnen fan 1952 ôf. Earst in skoft mei Appie Veldkamp as perkmaat, om 1955 hinne waarden dat Arp Hiemstra en de sa fûleindige Marten van der Leest. Yn 1956 helle Johan Jansen lykas sein syn earste winst op de PC, Arp Hiemstra waard kening en doe stuts de prinsipele kant fan Johan Jansen de kop op. Doe't de kening in jier letter allinnich út de koets stapte, sei Johan: 'Als ik nog eens koning word, dan wil ik met z'n drieën in de koets.' Marten die de finger omheech en sei: 'Dêr hâld ik dy oan jonkje!' De Stienzer grienteman

#### PRESTAASJELIST JOHAN JANSEN (1949-1965)

Puntetotaal:	468 (91 <sup>1ste</sup> , 60 <sup>2de</sup> , 75 <sup>3de</sup> ; 18 x kening)
Freule:	2 <sup>de</sup> pr. (1947)
Jong Nederland:	1 <sup>ste</sup> (1950, 1951)
Bond:	1 <sup>ste</sup> (1958, 1961, 1965, 1966)
PC:	1 <sup>ste</sup> (1956, 1958 (K), 1961)

waard twa jier letter opfolge troch de tige rêstige Roel Hoekstra fan Ternaard. Appie Veldkamp wie de tredde maat. De wei nei de koets hie net maklik west yn 1958. Benammen op de fjouwer, doe't Johannes Stavinga, Cor Hoekstra en Arp Hiemstra oan de oare kant stiene. Appie Veldkamp joech fanwege in blesuere de twadde opslach oer oan Johan Jansen. Twa spul efter, mar doe sloech Johan fjouwer kear op 6-4 de keats foarby. It waard likegoed 5-5 en 6-2 foar Stavinga. In keats by de stuit en Cor Hoekstra wit it noch as de dei fan juster: 'Ik dacht, nou is 't klaar nou? Appie Veldkamp raakt de bal vliëgend, ik roep nog: "Daar komt-ie" tegen Arp....en Arp sloeg mis... Als hij hem had geraakt was hij ergens bij Herbaijum terecht gekomen.' De partij gie de oare kant oer en oan de ein fan de dei wie Johan Jansen foar it earst kening op de PC. In jier letter hâlde er him oan syn prinsipes: nei in koarte striid mei Mr. Klaas Bijlsma waard besletten dat alle trije keatsers yn de koets kamen, want jo winne ek mei jo trijen.

By syn lêste PC-winst yn 1961 soe Jansen him nochris hearre litte, op in ûnferwachtse wize. Hy keatste

doe mei Martinus Santema en Rienk de Groot. Tinus waard kening, mar woe dy ûnderskieding earst net oannimme, want jo winne ommers mei jo trijen. 'Must niet langer sjantere Tinus, doen it nou maar', sa sei Johan Jansen tsjin him. De jierren 1961, 1962 en 1963 wiene de bêsten fan de Harnzer. Doe't Hotze oankloppe by Tinus om opslagger te wurden, wie der by dy oare Harnzer earst wol twivel, mar nei't Hotze yn Menaam bylotte hie by it perk Jansen-Santema, wie dat oer. Hied er yn 1961 al it sterkste perk mei Tinus Santema, doe't in jier letter Hotze der ek noch by kaam, like it hielendal net mear stikken te kinnen. Mar it soe net lang duorje: Hotze en Tinus, twa kapi-teins op ien skip, dat wurke net.

#### In tûke, al te beskieden keatser

Johan Jansen wie neffens Tinus Santema tige 'analytisch' ynsteld. Serius en miskien wol wat te beskieden, sa sei Bauke van der Gaast oer him. Hy wie steld op de 'teamgeast' yn in partoer. Miskien wie dat de reden dat Johan Jansen eins leaver fuotballe by de doe noch besteande vv HZC.



Johan Jansen as bûnscoach by in *Jeu de Pelotewedstriid yn Boom (België) 1967*. Steand fûnr: Dirk Talsma, Tamme Velstra, Rienk de Groot, Johan Jansen. Foaroan: Gerrit Dijkstra, Jan Monsma en Hotze Schuil. Foto: Keatsmuseum.

Nei de tsien earste prizen fan 1963 soed er noch twa jier meidwaan yn it grutte spul. It waarden nei prizen ôfmetten mindere jierren. It wie krekt oft mei in bytsje hurde wyn syn opslach yn dy tiid de nedige krêft ferlear om in perk plat te krijen. Doe't der ek noch in nije generaasje tige sterke foarynsen opkaam, mei sokken as Klaas van Wieren en Gerrit de Jong, waard Jansen syn opslach hielendal te licht. Op de Bond hâlde er it justjes langer fol: net allinnich winst yn 1965, mar ek noch yn 1966 doe't er al ophâlden wie. Jan Rodenhuis hie him al yn 1965 frege as bûns-

trainer. Dy funksje hat Jansen as earste ferfold, sân jier lang.

Sip Oosterhoff sette him yn syn lêste keatsjier moai del: 'Hij was een van onze allerbesten, Jansen's uitslag toonde vrijwel altoos een neiging tot 'trekken'. Men had dus als hij in actie kwam in het perk goed te letten op zijn 'met de handse' hoek.' Ek stelde Oosterhoff fêst dat de tiid mei Tinus Santema syn bêste jierren west hiene as keatser.

Op it persoanlike mêd hie Jansen ek letter de nedige tsjinslaggen. Sa ferstoar yn 1983 syn earste frou, krige er yn 1992 in auto-ûngemak, dat derfoar soarge dat er in keunstheup ha moast en waard er yn 1999 slim siik. Earst wied er noch fol goeie moed: 'As ut vijf eersten gelyk is, kan je 't winne en ferlieze, maar ik hew un frekt hekel an ferliezen.' Dy mentaliteit joech him lykwols neat yn it lêste earst: hy lei yn 2001 de beskieden holle del. Johan Jansen wie in keatser dy't besocht hat om te libjen neffens syn eigen motto: "t Is niet belangrijk wat jo hewwe, maar wat jo binne."

Rynk Bosma

Dit artikel is basearre op stikken út de *Franeker Courant*, it argyf fan it Keatsmuseum en in petear mei Tinus Santema.